

Formulier ta befêstiging fan âlderlingen en diakens.

Gemeente fan ús Heare Jezus Kristus,

De tsjerkeried hat jimme twaris de nammen fan de bruorren bekend makke dy't ta âlderling(en) en diaken (s) fan dizze gemeente keazen binne om te fernimmen oft immen wat tsjin harren befêstiging yn te bringen hie.

Om't nimmen in fundearre beswier tsjin harren lear of libben ynbrocht hat, sille wy no yn de namme fan de Heare ta harren befêstiging oergean.

Mei it each dêrop sille wy foarôf mei inoar harkje nei wat de Hillige Skrift ús leart oer it amt fan âlderlingen en diakens.

Kristus, dy't as Haad fan de tsjerke sit oan de rjochterhân fan God de Heit, regearret en fersoarget syn gemeente op ierde.

Hy wol dêrta de tsjinst fan minsken brûke. Dêrom jout Kristus amtsdragers oan syn gemeente.

De apostel Paulus wiist dêrop wannear't hy seit: Hysels hat oan syn tsjerke guon jûn as apostels, oaren as profeten, wer oaren as evangelisten, of hoeders en learaars om de hilligen ta te rissen foar it tsjinstwurk om it lichem fan Kristus op te bouwen. (Ef.4:11 en 12)

Dêryn betoant Kristus him de goede Hoeder. Yn duorjende soarch foar syn keppel stelt Hy hoeders oan om yn syn namme de skiep te weidzjen.

(Ald.) Oer it amt fan âlderlingen lêze wy yn it Nije Testamint dat de apostels, laat troch de Geast fan Kristus, yn eltse gemeente âlderlingen, ek wol âldsten neamd, oanstelden.

Yn it Alde Testamint al waard mei it wurd âldste in persoan oantsjut dy't in in regearamt besette.

No wienen der yn de earste Kristlike gemeente âlderlingen dy't lieding joegen en âlderlingen dy't boppedat roppen waarden ta preekjen en ta it jaan fan ûnderwiis.

De lêsten neame wy tsjinnern fan it Wurd.
Mei harren foarmje de âlderlingen de ried fan Kristus' gemeente.

Troch oan de âlderlingen mei de tsjinnern fan it Wurd de lieding fan de gemeente ta te betrouwen beskermet Kristus syn tsjerke tsjin it hearsksuchtich hanneljen fan de inkeling.

Oer de taak fan de âlderlingen sprekt it Nije Testamint op mear as ien plak. Oan harren is -mei de tsjinnern fan it Wurd- tabetroud om de gemeente te regearjen en as hoeder te fersoargjen.

Yn it foarste plak sjogge sy derop ta dat elk lid fan de gemeente him/har yn belidenis en wannel hâldt en draacht nei útwizen fan it evangeelje.
Sy besykje trou de leden fan Kristus' gemeente, om harren mei it Wurd fan

God te treasten, te fermoanjen en te ûnderwizen.

Sy wize harren dy't har yn lear of libben misgeane te plak en steane der nei fermogen noed foar dat de sakreminten net ûnthillige wurde.

Oer harren dy't bliuwe by harren sûnde oefenje sy de Kristlike tucht .

Dêrnei hearre sy as behearders fan it hûs fan God derfoar te soargjen dat yn de gemeente alles yn frede en mei goede oarder tagiet op de wize dy't Kristus hjitten hat.

It is harren taak derop ta te sjen dat nimmen sûnder wettige ropping it amt beset.

Se moatte mei rie en die de tsjinners fan it Wurd behelpsum wêze.

Yn it tredde plak sjogge de âlderlingen ta op de lear en it libben fan de tsjinners fan it Wurd : der mei ommers gjin dwaallear ferkundige wurde en de gemeente moat yn alle opsichten opboud wurde.

De apostel Paulus fermoannet de âlderlingen derop ta te sjen, dat gjin wolvern de skieppeskuorre fan Kristus ynkringe.

Om dizze taak as hoeder oer Gods keppel trou ferrjochtsje te kinnen moatte de âlderlingen de Skrift iverich ûndersykje en harren oefenje yn de tsjinst fan God.

(Diak.) Oer de tsjinst fan de barmhertigens leart de Skrift, dat dy fuortkomt út de leafde fan Kristus. Hy kaam yn de wrâld om te tsjinjen en ûntferme Him oer mannichien dy't yn need wie

Yn neifolging fan harren Hear soarge de earste Kristlike gemeente derfoar, dat nimmen yn harren fermidden yn de krapte siet .

Oan elts waard útparte nei ferlet.

De Heare ropt no ek ta it sjen litten fan gastfrijens, offerfeardigens en barmhertigens, om swakken en dy't help nedich hawwe folop diele te litten yn de freugde fan Gods folk.

Yn de gemeente fan Kristus mei nimmen sûnder treast libje ûnder de druk fan sikens, iensumens of earmoed.

Om te kommen ta dit tsjinstber wêzen hat Kristus diakens oan syn gemeente jûn . Wy lêze hoe't de apostels spesjale amtsdragere ferkieze lieten, doe't sysels troch it protte wurk net by steat wienen dy tsjinst sa't it hearde nei te kommen.

It is dêrom de taak fan de diakens te soargjen foar de goede fuortgong fan dat tsjinstbetoan yn de gemeente .

Hja sille harren troch hûsbesyk fan de muoiten op 'e hichte stelle en de leden fan de gemeente ta it betoanen fan help wekker roppe.

Boppedat moatte sy de jeften ynsammelje, beheare en yn Kristus' namme útdiele.

De diakens hearre de gemeenteliden dy't Kristus leafdejeften ûntfange mei Gods Wurd te bemoedigjen en te treasten.

Hja sille harren mei wurd en died beïverje, dat ek dêryn de mienskip dy't de Hillige Geast yn de gemeente wurket en yn it Hillich Nachtmiel genietsje lit oan it ljocht komt.

Sa sille wy oanwinne yn leafde ta inoar en ta alle minsken.

Befêstiging Beminde bruorren/ broer jimme/ jo steane ree om it amt oan te nimmen.

Wy freegje jimme/ jo antwurd te jaan foar God en syn hillige gemeente op de folgjende fragen:

As earste Binne jimme/ jo derfan oertsjûge dat God sels jim/ jo ta dizze tsjinst roppen hat?

Yn it twadde plak: Nimme jimme/ jo de Skriften fan it Alde en Nije Testamint oan as it iennichst wurd fan God en de folsleine lear fan de ferlossing en wize jimme alles ôf wat dêrmei yn striid is?

Yn it tredde plak: Unthjitte jimme/ jo dat jimme jim / jo jo amt trou betsjinje sille en jimme jim / jo jo dêrby godfrezend hâlde en drage sille yn jimme / jo hiele libben?

Yn it fjirde plak: Sizze jimme/ jo ta jimme/ jim jo ûnder de tsjerklike tucht del te jaan, neffens de tsjerkeoarder, as jimme jim / jo jo yn lear of libben misgeane?

Wat is dêrop jimme/jo antwurd?

Segen

Dêrop seit de foargonger: Mei de almachtige God en Heit jimme / jo syn genede jaan, dat jimme/ jo dizze tsjinst trou en fruchtber wiermeitsje sille. Amen.

Opdracht

(Ald.) Bruorren âlderlingen, wês tegearre mei de tsjinnern fan it wurd trou yn it regearjen fan de gemeente en hâld en draach jimme as hoeders oer Gods keppel yn it fertreastgen en fermoanjen. Sjoch der op ta dat de gemeente fêsthâldt oan de suvere lear en dêr ek neffens libbet. Nim jimme nei wat de apostel Petrus learet: Hoedzje de keppel fan God dy't by jimme is, sjoch derop ta net omdat it no ienris moatten is, mar fan herten, lykas God dat wol, net om der op skandalige wize oan te fertsjinjen, mar reewillich. Besykje net de baas te spyljen oer de minsken dy't jim tabetroud binne, mar wês in foarbyld foar de keppel (1 Petr.5 : 2 en 3)

(Diak.) Bruorren diakens, wês trou en iverich yn it sammeljen en behearjen fan de jeften en diel dy bliermoedich út oan harren dy't help brek binne. Bemoedigje en help allegearre dy't yn soarch libje of iensum binne. Jou yn dat allegearre oan de gemeente in goed foarbyld fan it tsjinstbetoan dêr't Kristus ús allegearre ta ropt.

Wês trou yn jimme tsjinst. Bewarje de ferburgenheid fan it leauwen mei in suver gewisse. Dan sille jimme bysûndere achting krije en gâns frijmoedigens om te sprekken troch it leauwen yn Kristus Jezus en ienris yngean ta it feest fan jim Hear.

En no, bruorren en susters dy't God leaf hat, nim dizze mannen oan as tsjinnern fan God.

(Ald.) Nim dizze âlderlingen oan as hoeders fan de gemeente. Haw grutte achting foar har om har wurk. Harkje nei jimme foargongers en jou jim ûnder har del want sij steane noed foar jimme heil om't se dêr rekkenskip fan jaan moatte.

(Diak.) Soargje dat de diakens middels hawwe om har wurk te dwaan. Wês goede rintmasters oer wat de Heare jim tabetroud en wit jim yn

de gemeente fan Kristus roppen om te tsjinjen.
Lit elk dy't yn de gemeente yn need sit tankber de help oannimme dy't
Kristus troch de diakens har jaan wol.

Gebed: Omt wy út ússels ta dit alles net by steat binne, sille wy no de
almachtige God oanroppe.

Heare God, himelske Heit, Jo hawwe ta opbou fan jo gemeente njonken de
tsjinnern fan it Wurd âlderlingen en diakens jûn.
Wy tankje Jo, dat Jo ús bruorren jûn hawwe dy't fol binne fan Jo Geast.
Jou harren hieltyd mear de jeften dy't sij nedich hawwe: wysheid, frijmoedigens,
ûnderskiedingsfermogen en barmhertigens, sadat elk syn amt beset sa as
Jo dat freegje.

Jou harren Jo genede, dat sij yn it wurk trou fierder gean meie
sûnder dat se har ophâlde litte troch muoite en fertriet, of troch
ferfolging fan de wrâld.

Segenje dizze gemeente, dêr't hja oer steld binne.

Lit in elk him ûnder de goede fermoanning fan de âlderlingen deljaan
en har(ren) earje om har amt.

Jou ús ynlke leafde ta inoar.

Meitsje dat wy de diakens mei
blydskip fan it nedige foarsjogge, sadat it sij dy't help nedich hawwe oan
neat ûntbrekt.

Wy bidde Jo, oft troch de tsjinst fan in elk de hilligen taret wurde meie ta
tsjinstbetoan, ta opbou fan it lichem fan Kristus.

Hear ús, barmhertige Heit, troch Jo dierbere (leave) Soan, ús Heare Jezus
Kristus.

Yn Syn namme bidde wy wy Jo

Us Heit yn de himel

lit Jo namme hillige wurde

lit Jo Keninkryk komme

lit Jo wil dien wurde op ierde likegoed as yn de himel

Jou ús hjoed ús deistich brea

en ferjou ús ús skulden

sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe

en lit ús net yn fersiking komme

mar ferlos ús fan de kweade

Want Jowes is it Keninkryk

en de krêft

en de hearlikheid

oant yn ivichheid

Amen.